

## Liturgy foar Snein 'Cantate'

28 april 2024 om 10.00 oere

Doarpstsjerke fan Surhústerfean

Foargonger: ds. Warner Veltman út Reitsum

Sjonge foar de tsjinst: Liet 885

1 Grut is jo trou, o Hear, Heit yn 'e himel;  
der is gjin skyn fan feroaring by Jo.

Lyk as Jo wiene yn leafde en begrutsjen,  
sa sill' Jo bliuwe en binne Jo no.

is jo trou, o Hear,

*refrein:*

Grut is jo trou, o Hear, grut is jo trou o Hear,  
en jo genede is elke moarn nij.

Jo hân hat soarge foar al wat ik brek wie;

grut is jo trou, o Hear, altyd foar my.

2 Sûndeferjouwing en libbensfernijing  
jouwe my blydskip en frede yn 't hert,  
krêft om te striden en moed foar de takomst,  
seine foar my en foar wa't by Jo heart.

*refrein*

Wolkom en meidielings

Yntochtlied                      Liet 971 (steande)

1 Sjong in nij liet foar God de Heare,  
fleu rich fan hert, mei blide stim.

God wol hjir sels mei ús fer kea re,

hjr bou we wy in hûs foar Him.

Mei't Hy de hân en it ferstân

syn mylde seine jout,

wurdt Kristus' tsjerke boud.

2 Dat God oan ús aloan wer sjen lit,  
dat Hy genedich is en trou,

dat Hy fanâlds ûnder ús wennet,

jout ús de moed foar dit gebou.

Mar 't is net dien mei hout en stien,

Der is noch mear te dwaan:

wy moatte ússels ek jaan!

3 't Fjoer fan de Geast sil net ûntbrekke, / Kristus dielt hjir syn jeften út.

Us God en Heit wol ta ús sprekke / en elk ferstiet wat dat betsjut.

Wês ús neiby en meitsje ús frij / yn dit jo hillichdom. / Kom, Heare Jezus, kom!

Momint fan ynkeer

Fotum en Groet

Sjonge                      Liet 195

Eare oan de Heit en de Soan / en de hillige Geast,

lykas yn it oanbegjin, no en jimmer / en fan ivichheid oant ivichheid. Amen.

Ynlieding op'e tsjinst

Yntroïtusantifoon      Liet 640d troch de foargonger

Foargonger:              Halleluja! Sjong foar God in nij liet,  
want wûnderfol wiene syn deden. Halleluja!

Psalm 98

1 Lit no in nije e lofsang hearre,  
in liet sa't noait in liet begûn!  
't Is foar de Hear, dy't triomfearre,  
syn rjochter hân hat rêding jûn.  
Syn hillige earm die wûnderdeden,  
dy't alle folk op ierde sjocht.  
Hjir is it klear te ûnderskieden:  
Hy kaam en holp ús oan ús rjocht.

Foargonger:              Halleluja! Sjong foar God in nij liet,  
want wûnderfol wiene syn deden. Halleluja!

2 Hy tocht wer oan syn wolbehagen;  
syn trou, oan Israel fersein,  
folbrocht Hy as yn earder dagen,  
syn geunst en goedens ha gjin ein.  
No seagen sels de fierste lannen  
oan de einen fan 'e wide wrâld:  
de Heare draacht ús op 'e hannen,  
Hy is de God fan ús behâld.

Foargonger:              Halleluja! Sjong foar God in nij liet,  
want wûnderfol wiene syn deden. Halleluja!

3 Bring, ierde, oan dy hillige Heare  
mei snaar en tonge hulde en tank!  
Trompetten, jou de kening eare,  
bazunen, kom mei gouden klank!  
Sjong by de harpen en de lieren,  
gean óp mei sang en ynstrumint  
om dizze grutte dei te fieren  
foar God, dy't keninklik oerwint!

Foargonger:              Halleluja! Sjong foar God in nij liet,  
want wûnderfol wiene syn deden. Halleluja!

4 Lit alle seeën, alle lannen  
Him loovje mei in blide stim.  
Rivieren klappe yn 'e hannen  
en bergen sjonge 't út foar Him.  
Hy komt en sil de folken rjochtsje,  
Hy, dy't it wreed geweld betwingt;  
foar ivich sil Hy 't pleit besljochtsje,  
as Hy syn ryk fan frede bringt.

Foargonger:              Halleluja! Sjong foar God in nij liet,

want wûnderfol wiene syn dieden. Halleluja!

Gebed fan de snein

Toralezing Deuteronomium 4: 32 - 40

Antwurdpsalm Psalm 119: 25

25 Hoe leaf is my jo wet! De hiele dei / is 't my in nocht dy yngeand te oertinken.  
En as it sels myn masters misse mei – / jo wet stiet bliuwend foar myn each te blinken.  
By jo gebod falt minskewiisheid wei. / Wa soe 't bestean jo wiisheid te bekrinken?

Epistellêzing 1 Johannes 3: 18 – 24

Sjonge Psalm 119: 27

27 Jo wurd is my in lampe foar de foet, / en op myn paad in ljocht yn alle lijen.  
Wat Jo beskikke, Hear, is inkeld goed, / dêrom ha 'k sward de wei fan 't kwea te mijen.  
Jou my dan altyd, Hear, wer nije moed / om Jo it o\_er fan myn liet te wijen!

Evangeeljelêzing: Johannes 15: 1 - 8

Sjonge Lied 656

1 Ik bin de wyn- stôk,  
myn Heit is 't dy't it hôf be heart.  
Jim binn' de ranken,  
dus bliuw yn My, Ik bliuw yn jim –  
sa wurdt syn risping mear.  
Sjong foar de Heit,  
dy't de wyngerd beheart –  
dus bliuw yn My, Ik bliuw yn jim –  
sa wurdt syn risping mear.

2 Ranken ûnfruchtber  
dy snijt Er ôf, sy komme wis  
Dus bliuw yn My, Ik bliuw yn jim –  
't is wierheid wat Ik sis.  
Sjong foar de Soan,  
dy't de wei foar jim is –  
dus bliuw yn My, Ik bliuw yn jim –  
't is wierheid wat Ik sis.

3 Wat Ik jim sis, leit  
jim wierheid en jim libben yn;  
bliuw yn myn leafde,  
want sa bliuw Ik ek yn 'e Heit –  
in freugd' dy't net ferdwynt. –  
Bid om de Geast,  
om it brea en de wyn,  
en wat jim freegje oan de Heit,  
foarsjocht Er ryklik yn.

## Oertinking

Belidenis fan it Leauwen (steande)

Sjonge Liet 653: 1, 5 en 7

1 Ferburgen Hear dy't by ús binne  
út Jo te libjen al den dei,  
Jo kenne en yn wiisheid winne,  
sa lang't wy gean ús ierdske wei –  
o Kristus, dy't yn wrâlds berin  
ús ein betsjut te en ús begjin!

5 Jo binn' de wynstôk, Hear, Jo binne  
de libbensboarne tûzenerlei,  
dat alle rank yn rein en sinne  
aanst goede fruchten drage mei.  
Meitsje ús ta ranken dy't foargoed  
har laavje oan jo hertebloed.

7 O Kristus, oan ús jûn allinne, / Jo dy't yn ivichheid de wei,  
de wierheid en it libben binne, / sin fan wat wie en komme mei –  
o skink dit himelsk heimenis / jo tsjerke dy't op ierde is.

Tankgebed - foarbeaën - stil gebed - mienskiplik "Us Heit" mei de wurden fan

1. God fan fier en hein ús Heit,  
dat wy hilligje jo namme,  
ûnder ús sa faak ûntwijd,  
troch jo eigen bern beskamme.

3. Jou ús hjoed ús deistich brea  
en ferjou wat wy misdiene,  
sa't ek wy ferjûn ha, Hear,  
al dy't skuldich foar ús stiene.

2. Bûch de folken nei jo wet,  
lit jo ryk op ierde komme.  
Byn jo wil ús op it hert  
en wy sykhelje ferromme.

4. Lit oer ús gjin neare nacht,  
lied ús net yn blyn begearen.  
Binne wy yn duvels macht,  
Hear, ferlos ús fan 'e kweade.

5. God fan fier en hein ús Heit, / wûnder heimenis is jo namme,  
grut yn krêft en hearlikheid, / oant yn alle tiden. Amen

## Kollektes

Slotliet Liet 655 (steande)

1 Sjong foar de Hear in nij gesang!  
Hy la vet jim in lib ben lang  
mei wet ter út 'e hur de stien.  
Hy is yn wûn ders mei jim gien.

3 In lofliet oer Gods wûndere rie,  
dat nóch jim namme net fergie,  
mar op 'e nij wer berne is  
út wetter en út tsjusternis.

2 Hy giet jim foar yn wolk en fjoer  
gunt oan jim dagen rêst en doer  
en jout se sin in libben lang.  
Sjong dan de Hear in nij gesang!

4 De hân fan God docht foar en nei  
syn tekens fan gerjochtichheid.  
Syn Geast sil altyd mei ús gean,  
dat wy dy tekens goed ferstean.

5 Yn 't lân fan syn woldiedichheid / mei' wy dan libje yn ivichheid  
en sjonge as Hy komt – wannear? – / in nij gesang foar God de Hear.

## Sinding en seine

Sjonge Liet 416: 1

Hear, wês mei ús oan 't in oare kear, / wol oant wersjen oer ús weitsje,  
lit gjin kwea ús rigen reitsje. Hear, wês mei ús oan in oare kear.